

1

Halleluja, lof foar it Laam,
dy't al ús sûnden op Him naam,
dy't ús ferlost en sparret.
Dy't dea wie, mar wer libben is,
en ús troch syn ferrizenis
yn ivichheid bewarret!

2

De Kening op syn Heite troan,
de earstling út 'e dea, Gods Soan,
Hy is Gods trouwe tsjûge.
Oan Him, de heechste Foarst en Hear,
komt ta de macht, de tank en ear,
foar Him sil elk him bûge.

3

Lof foar it Laam yn psalm en liet,
Immanuel, út Davids sied,
God sels yn ús fermidden.
Yn Him sil alle man en wrâld
de iene God yn trijefâld
ferearje en oanbidde.

4

Wol no dy God fan krêft en treast,
de Heit, de Soan, de hill'ge Geast,
dyn hert en libben biede.
Syn wurd is yn ús herten lein,
en fan syn leafde sûnder ein
kin ús gjin skepsel skiede.

tekst Isaac da Costa – 'Hallelja, lof zij het Lam'
oersetting Fedde Schurer en David de Jong
meldij Evangelische Gezangen 1806 – 'Halleluja! Lof zij den Heer'